



ZON-DAG BOEK



PROTESTANTSKE GEMEENTE

Wurdum Fr e.o.

Woansdei, 9 maart 2011

Biddei foar Gewaaks en Wurk

Muzyk en stiltme

*Wy libje yn stiltme ta nei it begjin fan de tsjinst.
Wilens spilet it oargel.*



De âlderling fan tsjinst
hjit ús wolkom. Us
iepeningsliet is: *“De
Heer heeft ons tot ons
behoud de goede
aarde toevertrouwd,
om zorg te dragen voor
elkaar, en oogst te*

hebben ieder jaar”, (Sjongend op Wei 213).

Iepening

Fg: Hear, iepenje my de lippen.

Gem: Myn mûle sil jo lof ferkundigje

Fg: Rêd my, o God

Gem: Kom mei hasten, Hear, om my te helpen

Tsjinst fan it Wurd

De 1^e lêzing is út Psalm 103, 8-14.

De 2^e lêzing is út Mattéus 6, 16-21. As lêste
stiet dêr: “Dêr’t jo jo skat hawwe, dêr sil jo hert
ommers wêze.” Oanslutend op dizze lêzing
sjonge wy de ferzen 1 en 5 fan Gesang 325:
“Een rijke schat van wijsheid schonk God ons in
zijn woord.”

Behalven Biddei is it hjoed ek Jiskewoansdei,
de dei dy’t fierd wurdt
troch ús roomsk-
katolike bruorren en
susters. Dat is ek de
reden wêrom’t dit kear
de parochy fan
Wytgaard ferstek gean lit, hja fiere tegearre mei
har oare parochys Jiskewoansdei.



Preek

Biddei foar gewaaks en wurk. It is ús wol wat
wurch, nei te tinken oer en te bidden foar in
goede opbringst. Tagelyk lûsterje wy nei de tekst
dy’t foar jûn bedoeld is: “Fersammelje jo gjin
skatten op ierde, mar yn de himel.” Mei oare
wurden, it giet net om it materiële mar om it
geastlike. Dat wol net sizze dat wy sûnder it
earste kinne, fansels net. Mar it liket wol ris oft it
altyd mar giet om it

“mear”. De fraach is dan
ek, wêr sitte we wier oer
yn, giet it ús om
materiële saken of om
oare dingen dy’t it
materiële fier oerstiege?

Sitte wy bygelyks yn oer
ús pensjoen? Betink dan dat wy diel útmeitsje fan
in wrâld dêr’t minsken harren ôffreegje oft hja jûn
wol te iten hawwe sille. Wer dy fraach, wêr hâlde
wy ús mei dwaande, wêr lis ik wakker fan? Want
dêr leit myn hert! Op sa’n jûn as no tinke wy dêr
ek oer nei. Miskien leit dêr wol de ferbining
tusken Biddei en Jiskewoansdei, foar katoliken
begjint hjoed it fêstjen, it “vasten”. Ek yn
protestantske kringen komt fêstjen op as in
weardefolle hanneling fan bewust wurden. Wy
ferjitte faak dat wy alles krije, wy moatte it hawwe
fan de loft, it wetter, de groei, de natuer, de ierde.
De kâns is oanwêzich dat wy alles dat wy
hawwe, sa gewoan fine, dat wy der te min by stil
steane. As oan alle ferlet foldien wurdt, wurde
dingen gewoan. It hoecht net ferkeard te wêzen
mar it kin sa gau liede ta ferlies fan in gefoel fan
tankberens. Fêstjen makket jin alert en skerp en
stelt ús iepen foar tankberens. We beseffe wer
wêr’t it úteinlik om giet. Fêstje, it tydlik ôfstân
dwaan fan dingen dêr’t wy oan ferslaafd binne kin
ús helpe om stil te stean by ús basisferlet, by wat



wier wichtich is. It kin ús bringe by wêr't ús hert is. Ja wis, wy meie jûn freegje om in goede opbringst fan de ierde, want wy binne dêr folslein ôfhinklik fan, likegoed as fan de goedheid fan God. Sûnder dy goedheid kinne wy net in nij seizoen yngean.

Muzyk

Nei de preek is der in amerij fan stiltme, folge troch oargelmusyk. Oanslutend sjonge wy: "Lichtend breekt de morgen aan, stralend rijst de zon" (Qing zoa qui-lai kan). Dit liet út Sina hat in prachtige tekst en is yn de maitydssindingstsjinst fan ôfrûne snein foar it earst spile.

Blommen

De blommen, makke troch Neeltje Hellinga, geane hjoed nei Michel van Vierzen yn de Kamp. Hy hat dit jier op 'e nij de kategisaasje fersoarge.



Gebeden

Us gebeden wurde ôfsletten mei it Us Heit.

Kollekte

1^e kollekte is foar Ljochtpunt Kollumersweach;
2^e kollekte is foar de tsjerke.

Seinbea

f. Mei de Hear ús segenje en behoedzje
a: Amen.
f. Loovje wy de Hear!
a. Wy tankje God!



Meiwurkers

Foargonger:
Koster:
Oargeliste/pianiste:
Alderling fan tsjinst:
2^e âlderling:
Diakens:

Ds.H.T.Wagenaar
Janny Smids
Klaske Deinum
Anne de Haan
Jelle de Jong
Wiebren Jongbloed,
Tjitske Visser